

ma net

Trinus Riemersma is de meast
priizge Fryske skriuwer.
Syn earste frou Antsje Swart
hellet oantinkens oan him op yn
har boek *Bu ntskildere
werklikheid*.
Foto's 1,3 en 5 komme út har
privee-argyf. Foto's 2 en 4 út
de kolleksje fan Tresoar.

ûntstien, syn earste súkses. Trije jier
nei ferskinen krige er syn earste
Gysbert Japicxpriis (1967), de heech-
ste literêre eare yn Fryslân.

Realisme stie foar him foarop.
'De stof kaam út gewoane deistige
dingen', skriuwt Antsje, 'en dy
sochten him wol op.' Doarpsrabbe-
rijen, mar ek 'wiisheid troch it
libben, ynstee fan troch stúdzje'. Hy
harke graach nei ferhalen fan freo-

nen, buorlju en kunde, net om de
ynhâld mar om de styl, de wize fan
fertellen. Televyzje hienen de Rie-
mersma's net, dêr wie de skriuwer
prinsipeel op tsjin. Televyzje soe
ommers lang om let it Frysk fernie-
le. De krante kaam fan 'e buorfrou.

Mar in pamfletteskriuwer wie er
net. Ek net yn 1967, by de bekende
rel yn kalvinistysk Gau om *Minskrot-
ten-Rotminken*. „Ik sil in boek skriu-

krekt trou, earst wol in skoft op in
lekke wenboat húsmanje koenen. It
skoalmastershús yn Gau wie doe
noch beset. Kunde hat it him út 'e
holle prate moatten.

'As Trinus net it iene fel nei it
oare tpyte, stie er yn 'e blikke te
prakkesearen en makke sa min
mooglik leven.' Skriuwe en neitinke
oer it skriuwen wie alles. De op-
dracht wie wat dat oanbelanget
altyd noch it 'wês folmakke sa't
jimme heit yn 'e himel folmakke is'.
Skriuwe, dat betsjutte foar him
fertelle, op allerhanne manieren,
'oer hoe't de rotsakken altyd de
legerein pakke. Dat Trinus foar dy
legerein opkomme woe, prate foar
dyjingen dy't net prate mochten,
wie syn iepen doar.' Dêrby hat er,
tinkt Antsje, ynearsten syn eigen
heit foar eagen hân, dy't him stjoere
litte moast troch de boeren dêr't er
wurke en dy't yn neat fan in prater
hie.

De âlde Fryske kultuer

Sokke en noch folle mear observaas-
jes oer it skriuwerskip fan Trinus
Riemersma, dien troch immen dy't
him fyftjin jier sa nei west hat,
meitsje it byld dat wy fan him haw-
we folle skerper as it wie.

'Hy woe de âlde Fryske kultuer
rêde fan 'e ûndergong troch dy op te
nimmen yn de kultuer fan de sech-
stiger jierren', neffens Antsje. Hoe't
er dat hawwe woe, hoe't er yn 'e
sechstiger jierren net inkeld syn
skriuwen mar ek syn libben dêr op
ynrjochte, hoe't er tagelyk realist en
romantikus wêze woe, dat belangri-
ke ferhaal fertelle har oantinkens.
In hiel oar ferhaal as it gongbere,
dat ommers meastal inkeld melding
makket fan Riemersma as literêr
byldstoarmer en kampioen fan it
foarm-eksperiment.

En se fertelle grif ek it ferhaal fan
de partner. Fan Antsje Swart, dy't
faak yn de kantline stie mar steeffest
alle wurk mei lies, of de skriuwer
lies it har wol foar. En dy't, nettsjin-
steande ferwidering, in skieding en
in brede see fan mear as fyftich
jierren, har Trinus én syn wurk sjen
lit sa't oaren it net koenen en net
kinne sille.

● *Bu ntskildere werlikheid*. Oan-
tinkens oan de skriuwer Trinus
Riemersma. Antsje Swart, mei
illustraasjes fan Friduwih Rie-
mersma. Utjouwerij Grotesk,
€ 15,00

Trinus woe de âlde Fryske kultuer rêde fan 'e ûndergong troch dy op te nimmen yn de kultuer fan de sechstiger jierren'

we dat de bibel oerstallich makket",
hie er al in kear sein. Nei tsjerke gie
er al sûnt syn tsjinstiid net mear.
Shoekearje die er graach, om te sjen
wat de reaksje wêze soe, mar hy hat
net it doel hân om de Gauster
doarpslju te kwetsen doe't er yn dat
boek skreau oer de dea fan in jong
famke troch in ûngemak en dêrby
God op Syn ferantwurdlikheid
oanspruts. Doe't Antsje en hy nei de
krystfakânsje wer thús kamen, wie
der by harren thús stront op 'e
ruten smard en it tûntsje wienen
planten út skuord. It punt wie, hy
wie skoalmaster. Guon minsken
begriepen sokke skriuwerij net.

Wierheid

Trinus 'naam gjin ôfstân fan wat er
skreau'. Sa siet er no ienris net
yninoar. Syn wurd wie wierheid en
oaren moasten der dan mar tsjinyn.
It skoalbestjoer joech him dien. It
provinsjale tafersjoch draaide dat
beslút in pear moanne letter alwer
werom. Antsje: 'Trinus hat nea it
wan foar de kont krigen dêr't er
soms wol in bytsje ferlet fan hie.'

Styl, plots en ferhaallinen: dêr
libbe er mei en yn. Folle minder yn
it 'echte' libben fan de húshâlding.
Thús moast alles wike foar de skriu-
werij. Yn in romantyske begûche-
ling miende er dat Antsje en hy,

